



# de Ear

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld  
Jiergong 10, nûmer 35, maart 2007

## In peaskeliet

Yn de hjerst fan 2006 is *Tuskentiden* ferskynd, in Fryske oersetting en bewurking en sels útwreiding fan de bondel *Tussentijds*. It is in bondel mei lieten, bedoeld as oanfolling op it *Lieteboek foar de Tsjerken*. Sûnt it ferskinen yn 1980 fan dit *Lieteboek* is der fansels wol it ien en oar bard, sawol yn de wrâld as yn de tsjerke. Der binne frijwat lieten dy't net mear te sjongen binne (guon dêrfan wiene dat neffens my daliks al net), wylst der yn de lêste fearnsieu frijwat lieten ûntstien binne, dy't de muoite fan it sjongen no krekt wol tige wurdich binne en dy't ek in plak fertsjinje yn in nij sjongboek foar de earetsjinst. Sa is it repertoire fan wat yn de tsjerke songen wurdt (ôfsjoen fan de psalms) eins altiten yn beweging. Der is in nij lieteboek foar de tsjerken op kommen, mar ûnderwilens is by wize fan foarpriuweke alfêst dit bondeltsje mei 249 lieten ferskynd. It bekende Frânske peaskeliet *A Toi la gloire, o Ressuscité!* is dêr ek yn opnommen (liet 172) yn de oersetting fan Bernard Smilde. De tekst is sa:

Jo komt de gloarje, Kristus, ivich ta,  
dy't ús de fiktoarje wûnder helle ha.  
Ut Gods hill'ge hichte kaam in ingel del,  
hat de grêfstien lichte, wachters waarden kjel.  
Jo komt de gloarje, Kristus, ivich ta,  
dy't ús de fiktoarje wûnder helle ha.

Sjoch Him ferskinen, folk fan dizze Hear,  
hjoed is Hy te finen. No gjin twivel mear!  
Dichtsje dan hoe bliid in nije dei begjint,  
sjong om te beliden dat de leafde wint.  
Jo komt de gloarje, Kristus, ivich ta,  
dy't ús de fiktoarje wûnder helle ha.

Bangens soe bliuwe? Nee, foar wa't betrou  
wol Hy frees ferdriuwe, no't Hy freed jout.  
Dy't syn libben oerjoech, libbet no foargoed;  
dy't ús sûnden weidroech, nimt ús op 'e noed.  
Jo komt de gloarje, Kristus, ivich ta,  
dy't ús de fiktoarje wûnder helle ha.

## Mearke

In skoftsje lyn hie ik op ien fan de skoallen in lyts ferskil fan miening mei in pear fan myn learlingen. Hja makken my dúdlik dat hja net leauden yn de bibelferhalen dy't ik fertelde, want dy wiene dochs net wier bard. No kom ik al salang op skoallen en noch noait haw ik sein dat de bibelferhalen ús histoaryske ynformaasje jouwe. It giet om de gedachten, om it boadskip en net om histoaryske betrouberheid. Yn dat lêste gefal moat men der ommers hânboeken en ferslaggen fan histoarysk en argeologysk ûndersyk op neislaan.

Nee, foar dizze learlingen hie de bibel gjin wearde, want der stiene allinne mar 'ferhaaltsjes' yn. Ik liet harren wat prate en ferbaasde my oer de riddenaasje: gjin spoar fan ferbazing of ferwûndering, allinne wat 'echt bard' is, dat wol sizze wat men sjen en berekkenje kin, dat achten hja fan wearde. No like it my raar ta dat bern út harsels ta sa'n platte en materialistyske libbensfyzje komme, dêrom gong ik der op dat stuit ek net fierder op yn. Ik sei allinne dat ik de oare kear in mearke foarlêze soe en dat ik dêrnei graach fan har hearre soe yn wa't se harsels op 'en bêsten weromfine koene.



De wyks dêrop hie ik it *Groot Sprookjesboek* fan Godfried Bomans by my en ik haw doe foarlêzen it ferhaal 'De rijke bramenplukker'. It wie moai om te sjen, dat de beide learlingen oan de hân fan dit ferhaal begriepen wat ik bedoelde. Om't it sa'n moai ferhaal is, haw ik it foar

dizze gelegenheid oerset yn it Frysk.

## 'De rike toarnbeisiker'

Jierren lyn wenne yn in grut bosk in âlde toarnbeisiker. Syn heit en mem leine al in heale ieu begroeven ûnder in boekebeam, mar dat wie de toarnbeisiker al lang fergetten. Hy wist al net iensen mear wat dat skean fersakke krús eins

(Ferfolch op side 3)

## Preekrige

Alle tsjinsten binne yn 'e Herfoarme Tsjerke.

|          |                   |  |  |
|----------|-------------------|--|--|
| 25 maart | 9.30 oere         | Ds. K. Visbeek, De Westerein           | Fryske tsjinst   |
| 1 april  | 9.30 oere         | Drs. J. Veenstra, De Rottefalle        | <b>Frysk Oek. Wurkferbân</b>                                 |
| 6 april  | <b>19.30 oere</b> | Dr. R. Klooster, Ljouwert              | Fryske tsjinst, <b>Goed Freed</b><br>tsjinst mei brea en wyn |
| 8 april  | 9.30 oere         | Frou I. Bouwhuis-Minnema,<br>De Jouwer | Fryske tsjinst, <b>Peaske</b>                                |
| 15 april | 9.30 oere         | Ds. K. Visbeek, De Westerein           | Fryske tsjinst   |
| 22 april | 9.30 oere         | Ds. S. Kiestra, De Rottefalle          | Fryske tsjinst   |
| 29 april | 9.30 oere         | Drs. Y. Hiemstra, Feanwâlden           | Fryske tsjinst   |
| 6 maaie  | 9.30 oere         | J. Mulder-Vogelzang, Yndyk             | <b>Frysk Oek. Wurkferbân</b>                                 |
| 13 maaie | 9.30 oere         | Ds. Nieboer, Beetstersweach            | Fryske tsjinst   |
| 20 maaie | 9.30 oere         | Ds. K. Visbeek, De Westerein           | Fryske tsjinst,  |
| 27 maaie | 9.30 oere         | Dhr. L. Durksz, Surhústerfean          | Fryske tsjinst, <b>Pinkster</b>                              |
| 3 juny   | 9.30 oere         | Da. R. Bosman-Romkema,<br>Vleuten      | <b>Frysk Oek. Wurkferbân</b>                                 |
| 10 juny  | 9.30 oere         | Da. J. Groenveld-Kiestra<br>Hurdegaryp | Fryske tsjinst   |
| 17 juny  | 9.30 oere         | Drs. Y. Hiemstra, Feanwâlden           | Fryske tsjinst   |
| 24 juny  | 9.30 oere         | Ds. J. Koop, Easterwâld                | Fryske tsjinst   |

### Praatrûnte

Op it heden bin ik mei it winterwurk oan it ôfbreidzjen. De praatrûnte hat yn dit winterskoff fjouwer kear gear west. Wy hawwe mei-elkoar yn petear west nei oanlieding fan in preek, dy't koart tefoaren yn in tsjinst hâlden wie. Sa ha wy bygelyks praat nei oanlieding fan de betinkingstsjinst, oer Hagar en oer Rachab. Der wie in goeie belangstelling en neffens my wiene it hiele goeie jûnen. Wy ha ôfpraat dat wy op tiisdei 2 oktober fierder geane.

### Ferûntskuldiging

Om't de gesinstsjinst om organisatoaryske redenen ferskood wie nei snein 18 febrewaris yn de grifformearde tsjerke, wie der dy moarn gjin tsjinst yn de herfoarme tsjerke. Wy hiene it fan tefoaren wol yn de tsjinsten ôflêzen, mar de kranten hawwe yn har berjochtjouwing de wiziging net opnommen. Sadwaande stiene dy moarns in tal minsken by ús foar de tichte tsjerkedoar. Soks is fansels spitich en heart net foar te kommen. Guon hawwe it paad fûn nei de gesinstsjinst, oaren binne nei hûs ta gien. It muoit ús dat it sa rûn is. Hjirby dan ek ús ferûntskuldiging en wy sille besykje dat him yn de takomst soks net wer foardwaan sil.

Op himsels hiene wy dy moarns in prachtige tsjinst yn de grifformearde tsjerke. De berne-tsjinst 'It mûske' wie in tsjinst mei en foar bern en stie ûnder lieding fan juf Adrie en juf Anke.

It Gariper kombo wie derby foar de muzikale begelieding. It wie in tige fleurige en ek gesellige tsjinst, dy't hiel knap ynelkoar set wie. De tsjerke wie oan de lêste stoel ta beset, benammen mei âlden en bern. Hiel bysûnder wie it om te sjen dat sels de alderlytsten boeid waarden troch it sjongen en it spyljen. Neffens my freget dit seker om in ferfolch.

### Ferstoarn

Flak foar de krystdagen krigen wy it freeslike berjocht dat Heine Veenstra efter syn hûs ferdronken wie. In tryst en fataal ûngelok, dat op elkenien in djippe yndruk makke. Want wy wiene yn Earnewâld allegearre wiis mei Heine. Hy wie in trou lid fan ús gemeente en in tal jierren hat er yn de tsjerkeried sitten. Earst as diaken, dernei as âlderling en tsjerkerintmaster. Heine wie fleurich en blier fan aard. Syn eagen laken eins altiten. Op woansdei 27 désimber ha wy ôfskied fan him nommen yn in tsjinst yn ús tsjerke en him dêrnei yn Drachten te hof brocht. Yndrukwekkend wie it Frânske Peaskeliet *A Toi la gloire*, dat wy yn de tsjinst songen hawwe. Wy winskje syn bern, oantroude bern, bernsbern en fierdere famylje en freonen sterkte ta by it dragen fan dit ferlies.

### Peaskepûdsjes

De bekende Peaskepûdsjes wurde wer brocht en yn de wike foar Peaske wer ophelle.

(ferfolch fan side 1)

betsjutte, mar achte it net ferkeard om as er dêr lâns moast, in omwei te nimmen.

Der wenne fierders net ien yn 'e bosk, dat sad-waande miende de toarnbeisiker dat er allinne op de wrâld wie. Dy gedachte makke him der net minder fleurich op. Lûd en oan ien tried wei song er de fleurichste wyskes, útsein nachts, want dan moast er sliepe. En dêr is ek wat foar te sizzen. Mar fierder, fierder wie der gjin fleuriger minske te betinken. 'Sjoch', sei er alle moarnen, 'dy sulveren pearels op dy blommen! Foar wa oars lizze al dy diamanten oer it gers hinne struid as foar my? Wat bin ik dochs ryk! En as er troch it wâld rûn, dan suchte er: 'Wat in heech ferwulft, wat in romme portalen, wat in prachtige pyldergongen! En dat allegearre foar ien man!'

Middeis lei er altiten op 'e rêch nei de wolken te sjen, dy't de wûnderlikste figueren foar him makken. 'Sjoch', sei er dan, 'in be-



ar! En dêr in winterlânskip. Wa hat sa'n soudering? Ik wurd der suver ferlegen fan!' Mar jûns wie de toarnbeisiker wol it alderbliidst. Dan gong er foar it hûs ûnder de laurierbeam sitten en wachte fol spanning ôf. En ynienen, as de sinne foar it lêst syn poarperen strielen oer de heuvelds lei, dan begûn fier yn it wâld in fyn en heech lûd te jubeljen, wol sa wûndere moai en sa alderivichst weemoedich, dat de toarnbeisiker de triennen derfan yn de eagen krige. 'Hearlik, prachtich!' rôp er as it út wie, 'tank, tank, ûnbekende sjonger! Wat in muzyk! Wat in lûd! Wat spitich dat ik allinne op de wrâld bin! Mar dat wie sa net.

Op in jûn teach in ûntdekkingsreizger troch it wâld, treau it lytse sloppe doarke iepen en stie glimkjend foar de toarnbeisiker. 'Freon', sei er, 'wat iten en in bêd, dat is alles. Want ik haw honger en ik bin slûch. Ferstiest my wol?'

Mar de toarnbeisiker bleau stil en wyt as sûpe yn 'e stoel sitten.

'Kom', sei de reizger doe, 'hjir is in goudstik. Dat makket de tonge in bytsje lossen'.

Doe kaam de toarnbeisiker oerein. 'Wêzen', koe er sawat útbringe, 'ik hoech dyn goud net. Dat wie it net, wêrom 't ik swijde. Mar mei ik jo ris befiele?'

'Gean jo gong', sei de reizger, dy't in fleurich man wie. En de toarnbeisiker befielde de reizger. Hy knypte him yn de noas, draaide him de holle nei alle kanten, seach him oandachtich yn 'e mûle en rôp doe: 'Krekt lykas my! Krekt

lykas my! Alles itselde!' en hy sloech him de earms om de hals. 'Wat bisto in ûnnoazelenien', lake de reizger, wylst er him losmakke, 'hasto noait earder in minske sjoen?'

'Ik bin net allinne!' rôp de toarnbeisiker en klapte yn de hannen, 'ik bin net allinne! Krekt sokke skonken!' En hy dûnse om 'e tafel hinne. 'Kom', begûn de reizger wer, 'ik haw honger. Stel dy net sa oan'.

En hy gong by de tafel sitten, naam in panne út syn rânsele en sette dy mei in hurde klap foar him del.

'Hawar', sei er, 'lit mar ris wat sjen'.

'Ja, ja', sei de toarnbeisiker, 'krekt lykas my'.

Dûnsjendewei gong er nei de spine (kast), helle brea, woarst en koeke foar it ljocht en dûnse der wol trije slaggen mei om de tafel hinne. Doe gong er sitten, sykhelle djip en sei: 'Taast mar ta'. Swijend siet de reizger te iten. By eltse hap dy't de man die, rôp de toarnbeisiker optein:

'Krekt lykas my!' Dat wie yn it begjin wol wat lestich, mar de reizger hie honger en iet glimkjend troch. Doe 't er op 't lêst de holle optilde, foel syn each op it goudstik dat dêr noch op de râne fan de tafel lei. 'Freon', sei er, 'wêrom woesto dat goudstik net fan my oannimme?' 'Dat haw ik net nedich', sei de toarnbeisiker ienfâldich, 'ik haw diamanten'. 'Diamanten?' werhelle de reizger, 'hasto diamanten? Hoefolle?' 'Mei krektens kin ik dat net sizze', sei de toarnbeisiker al prakkesearjend, 'mar al gau in pear gersfjilden fol'. 'Wolst dat nochris sizze?' 'Wol in pear gersfjilden fol', werhelle de toarnbeisiker. Dit kear wie it de reizger dy't wyt as sûpe op 'e stoel siet.

'Man', brocht er op it lêst út, 'do bist ommers skatryk!'

'Dat sei ik ommers al', sei de toarnbeisiker, 'mar dat is alles noch net. Ik haw ek noch wol oare dingen'.

'Neam nochris wat, kammeraat'.

'Ja', sei de toarnbeisiker ferlegen, 'der is sa'n protte. Dêr binne bygelyks de spegels'.

'Spegels?' frege de reizger hastich.

'Ja', sei de toarnbeisiker op deselde achteleaze toan, 'in pear tûzen, ik haw se noait teld. Guon binne wol sa grut datst der wol in dei oer dochst om der omhinne te rinnen. Och ja'.

'In dei nedich om der – Freon, wêr lizze al dy skatten?'

'Yn myn hûs'.

'Dat moat dan wol in paleis wêze!' bestammere de reizger.

'It is ek in paleis', andere de toarnbeisiker glimkjend, 'en it is wol sa grut, dat ik it sels noch noait hielendal besjoen ha. Der binne pyldergongen by dêr't men de ein net fan sjen kin; tûzenen slanke pylders drage it ferwulft. It is in

lust om nei te sjen.

Ut en troch sjocht men wide en noch hegere portalen; it ferwulft is dêr net grien, mar ljocht-blau mei wite plakken'.

'Mozayk dus? frege de reizger dy't de siken sawat ynhâlde.

'Ik wit net watst bedoelst', sei de toarnbeisiker. De reizger lei him it slimme wurd út. 'O nee!' sei de toarnbeisiker en lake, 'dat is mar berne-spul! Dat soe my op 'en doer ferfele: altiten itselde te besjen. Nee, hjir bewege de figueren har. Hja driuwe stadich en steatlik foarby en nimme de wûnderlikste foarmen oan: iisbearen, winterlânskippen en kabouters mei burden. Sels de kleuren feroarje: dan is it djipblau, dan ljocht, soms beide. It is kostlik om te sjen: men kriget der nooit jins nocht fan!'

'Net te leauwen!'

rôp de reizger, 'net te leauwen! En dat allegearre foar ien man. Mar, mar do silst dy wol hiel ien-sum fiel tusken al dy pylders, galerijen en spegels?'

'O nee!' sei de toarnbeisiker, 'der is muzyk genôch, fan alle kanten en de hiele dei troch'.


'Muzyk?', rôp de reizger, 'muzyk? Kom, toarnbeisiker, no makkest my wat wiis'. 'Nee, wis en wrachtich net', sei de toarnbeisiker, 'de hiele dei troch en hieltiten wer oare lieten. Mar jûns dan wurde de solo's songen. Dêr haw ik in aparte sjonger foar. Jo moatte moarntejûn mar ris harkje. Jo bliuwe hjir fannacht dochs te sliepen?'

'Nee', andere de reizger en die de jas oan, 'ik moat no fuortendaliks wer fierder. Ik bin ûntdekkingsreizger, sjoch. Dit is myn grutste ûntdekking. Ik sil it elkenien fertelle'.

'Dat moatst foaral dwaan' sei de toarnbeisiker, 'it hat my al lang yn 'e wei west, dat ik der lykme-allinne fan genoat. Bliuw noch ien nacht oer. Dan sil ik dy moarn alles persoanlik sjen litte en dan kinst it noch de helte better oerbringe'.

'Nee', sei de reizger, 'tiid is jild! Ik gean no daliks fierder. Tige tank foar de koeke. No, goeie!' Hy die de doar efter him ticht en fuort wie er, de nacht yn. De toarnbeisiker rûn him noch hurd efternei nei de doar, mar seach him noch as in skaad tusken de beammen ferdwinen.

'Wat spitich', mompele er, 'tiid is jild! En hy hie safolle pearls ha mocht as men mar meinimme kin. Reizger, reizger, kom werom!'



Mar de reizger hearde him net. Hy sprong oer sleatten en oer hagen, swom twa rivieren oer, teach troch in tsjuster wâld en wie werom yn de stêd. 'Boargemaster', sei er, 'ik haw wat wichtichs te melden'.

'No', sei de boargemaster, 'dat is de muoite wurdich. Gean mar op it stedhûs stean'.

En de reizger gong op it stedhûs stean.

'Minsken!' rôp er, 'soene jim ek graach pearls ha wolle?'

'Ja wis!' rôpen de minsken.

'En is der ek ien dy't wat fielt foar spegels, sa grut as dit merkplein?'

'Ja wis', rôpen de minsken, 'jou se hjir mar!'

'En is der faaks ien dy't graach yn in paleis wenje wol mei griene pyldergongen en souderings mei mozayk dat bewege kin?'

'Dat wolle wy graach!' rôpen de minsken, 'mar wêr stiet it?'

'Kom mar mei', rôp de ûntdekkingsreizger, 'rin mar hurd efter my oan! Wy ha gjin tiid te ferliezen!'

En hja teagen troch in tsjuster wâld, swommen twa rivieren oer, sprongen oer sleatten en oer hagen en wiene by de toarnbeisiker.

'Toarnbeisiker!' rôp de reizger, 'hjir bin wy!'

'Wat aardich!' rôp de toarnbeisiker, 'jo litte der gjin gers oer waakse, dat moat ik sizze. Deale, wat in kloft minsken ha jo dêr by jo! Wol in pear tûzen! Wat wolle jim?'

'Wy komme om de pearls', sei de boargemaster en die in stap nei foaren, 'en wy wolle wenje yn it paleis mei de soudering fan beweechber mozayk en mei de pylders fan grien smaragd. Wy binne hjir om te harkjen nei de muzyk en de pearls dy moatte wy ek ha'. 'No, dat is prachtich!' rôp de toarnbeisiker en sloech him de hannen om de hals, 'ik bin wol sa bliid dat jim al dy dingen ek wurdearje kinne. En dat jim der ek each foar hawwe, hoe moai oft dat allegearre is! Wolkom, wolkom! Koeke haw ik net in soad mear fan, mar wol lekkere bôle en fris wetter!'

'Wy hoege gjin koeke', sei de boargemaster stadich, 'pearls moatte wy ha'.

'Dy krije jim ek, safolle as jim drage kinne. Mar wachtsje oant moarnier!'

'Kin dat jûn net?' frege de boargemaster wat nuodlik, 'tiid is jild!'

'Nee', sei de toarnbeisiker en skodholle, 'it is no tsjuster en by tsjuster kin men de pearls net sjen. Mar moarnier, dan sille jim wat gewaar wurde! Jou jim no mar del, wy ha it wol oan tiid'.

'Goed', sei de boargemaster, 'sliepe mannen! Wy ha it wol oan tiid!'

De oare moarns leine de fjilden te glinsterjen en te blinkerjen ûnder de reade himel. Oan eltse gersraai, ek de lytste, hongen prachtige

solveren diamanten. En doe't de sinne opkaam, feroaren dy yn topazen, smaragden en blauwe saffieren, strieljend fan ljocht, flûnkerjend fan suverheid, skitterjend as ierdske juwielen. En dêr tuskenyn stiene de minsken en praten drok oer de pearls, hiele gersfjilden fol, dy't se no daliks fine soene. As no de toarnbeisiker mar wekker waard. En hja hiene gjin each ôf fan it lytse doarke fan syn hûs.

Doe gong de doar iepen. De toarnbeisiker kaam nei bûten en skôge swijend en mei de eagen fol triennen oer de fjilden. 'Jim treffe it wol', sei er súntsjes.

'Wat seit er?' mompele de boargemaster.

'Ik sei: jim treffe it wol', sei de toarnbeisiker glimkjend, 'safolle pearls lizze der oars noait'.

'Ik sjoch gjin pearls', sei de boargemaster.

'Sjogge jim gjin pearls?' sei de toarnbeisiker ferheard.

'Wy sjogge neat', seine de minsken, 'wy sjogge hielendal neat'.

De toarnbeisiker sloech de hannen ynelkoar.

'Wat ha jim dan minne eagen!' rôp er út, 'sjoch dan om jim hinne! Sjogge jim it net?'

'Dat is dauwe', grommele de boargemaster liik.

'Dat – dat wist ik net', stammere de

toarnbeisiker, 'ik tocht –'

'Wêr binne de pyldergongen?' frege de boargemaster noartsk.

'Dêr', lústere de toarnbeisiker.

'Dat binne beammen', andere de boargemaster, 'wêr is it mozak?'

'Dêr', wiisde de toarnbeisiker nei boppen.

De boargemaster seach omheech nei de poarperen himel. 'Dat is loft', sei er, 'gewoan loft. En de spegels, wêr binne dy?' De toarnbeisiker wiisde swijend yn de fierte.

'Dat binne fivers',

sei de boargemaster, 'wêr is de muzyk?'

De toarnbeisiker stiek de wiisfinger op en sei:

'Harkje!'



De boargemaster harke, gong rjochtop stean en sei mei in fiis gnyske: 'Dat is in nachtegeal, slûge! In deagewoane nachtegeal! Jo ha ús by de poat'.

'Wy binne by de poat nommen', raasden de minsken, 'wy binne bedondere!'

'Mar ik haw dochs presys ferteld lykas it is!', rôp de toarnbeisiker, 'ik haw dochs presys...'

'Hingje him op!' rôpen de minsken, 'hingje him dochs op!'

En doe't dyselde jûns de nachtegeal úteinsette mei syn triljend liet, wie der net ien om dernei te harkjen. Want de toarnbeisiker hong krekt ien

## Earnewâldster Rûnte

De rige lêzingen fan it seizoen 2006-2007 binne wer foarby. Ek dizze kear blykt út de evaluaasje dat it de measte minsken goed foldien hat.

It tema foar 2007-2008 is: '**Feroarings yn it religieuze lânskip, útdaging of bedriging?**'

It program sjocht der sa út:

**25 septimber 2007** Drs. J. Jan Greven

In skets fan de feroarings in it religieuze lânskip yn Nederlân hjoed de dei.

**6 novimber 2007** Ds. H. Mintjes (Islamolooch)

De Islam as wrâldgodstsjinst en de konsekwinsjes foar de maatskiplike en ynter-religieuze dialooch.

**11 desimber 2007** Imam A. van Bommel

Oer de Islam fan binnen út, de dialooch en de multikulturele maatskippij.

**8 jannewaris 2008** Drs. A. Antoon Kamp

Boeddhisme yn dialooch mei it westen.

**5 febrewaris 2008** Prof. dr. R. van Ganzevoort

De Evangelyske beweging. (Syn lêste boek 'De hand van God en andere verhalen' sil dêr in paadwizer by wêze).

**4 maart 2008** Dr. S. Sytze Ypma

'Ietsisme: beter niets dan iets'. Oer de betsjutting fan it ytsisme foar it leauwen.

Yntekening kin allinne troch € 25,00 (de man/frou) oer te meitsjen op banknûmer: 29.89.25.664 op namme fan 'Earnewâldster Rûnte', Aldwâld, mei fermelding: seizoen 07-08. It definitive program wurdt dan ein augustus of begjin septimber tastjoerd.

Kontaktadres: Tine van Minnen, Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld. Till.: 06 – 20600409  
E-post: [tine.vanminnen@kpnplanet.nl](mailto:tine.vanminnen@kpnplanet.nl)

## Keunst yn 'e tsjerke

Yn de foarige Earn waard al neamd dat it Wurkferbân wat dwaan woe mei it tsjerkje fan Earnewâld. Ferskate ideeën binne utere, ien dêrfan wie it útstallen fan keunst yn 'e tsjerke. En ja, no skildert dûmny Klooster ek.

Wy ha dû. Klooster ree fûn om guon fan syn skilderijen út te stallen. Fierder is der ynformaasje oer de preekstoel en de tsjerke.

**Data: 15 en 22 april**

**Tiid: 14.00—17.00 oere**

**Plak: Herfoarme Tsjerke Earnewâld**

## Jeften

Op de rekken fan it wurkferbân komme út en troch jeften binnen en ek de kollektes op de sneinen fan it wurkferbân smite altyd wer aardich op.

Bêste minsken, tige tank foar jim jeften.

**Adressen fan it Wurkferbân**

Dr. Rienk Klooster, redaksje  
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert  
Till. (058) 251 94 25  
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwster/redaksje  
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld  
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409  
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra  
(foarsitter fan it wurkferbân)

D. den Hoed (0511) 53 95 58

J. Landheer (0511) 53 97 23  
(tsjerkeriedslid, ponghâlder)

M. v. d. Molen (0511) 53 93 14  
(tsjerkeriedslid)

J. Siderius (0511) 53 92 82  
(tsjerkeriedslid)

A. de Vlas (0511) 53 93 13

G. Wester-Herder (0511) 53 92 08

A. Veldboom (0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk  
Wurkferbân Earnewâld:

Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

**Boekje mei "Ús Heit" preken**

De rige fan tsien temapreken fan dûmny Klooster oer it Ús Heit dy't yn 'e rin fan 2005/2006 hâlden binne, binne yn druk ferskynd. Der binne noch in stikmannich eksimplaren oer. It boekje kostet € 7. Foar de minsken út Earnewâld en omkriten is it boekje wol te krijen by de bestjoerders fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân en de Herfoarme Tsjerke. Minsken dy't fierder fuort wenje, kinne it boekje bestelle troch € 7 en € 1.80 porty oer te meitsjen op bankrekken 34.98.14.058 fan it FOWE.

**Kofjedrinken**

Nei de tsjinst op snein 1 april en snein 3 juny is der gelegenheid om mei-elkoar kofje te drinken yn 'e konsistoarje fan de herfoarme tsjerke. Elkenien is tige wolkom.

**Kopijdatum**

Kopij foar it oare nûmer fan 'e *Earu* graach ynleverje foar 1 juny 2007.

**Stúdzjeferlof**

Ek neffens it nije tsjerkerjocht (ord. 13-20-4) hat in dûmny ienris yn de fiif jier rjocht op in fearnsjer stúdzjeferlof. Dat wol sizze dat er dan frijsteld is fan alle amtswurk en dat der salang in konsulint oanwiisd wurdt, dy't it needsaaklikste pastorale wurk waarnimt. De tsjinsten en it oare wurk moatte troch de tsjerkeried regele wurde. Dit jier is it wer safier dat ik gebrûk meitsje kin fan dy regeling. It stúdzjeferlof giet yn mei Peaske, dus op 8 april. It duorret oant en mei 8 july. Yn dy tiid sil ik my ferdjipje yn de tsjerkeskiednis, benammen de evangelyske rjochting. De projekten dêr't ik oer gear sil, moat ik foarlizze oan it moderamen fan de klassis Frjentsjer. Ds L. Adema út Garyp, dy't offisjeel konsulint is fan ús gemeente, is yn myn ferloftiid beskikber om my te ferfangen. Mocht him in stjergefal foardwaan of in gefal fan slimme sykte, dan is it goed om earst kontakt op te

By ferkeard adres werom nei:  
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

nimmen mei ien fan ús beide âlderlingen: Marten van der Molen of Eileen van der Wal. Dy jouwe it dan wol troch oan Ds. Adema. Op 9 july bin ik wer yn funksje, mar fan 23 july oant 19 augustus haw ik simmerfakânsje.

**R. Klooster**

**Joadske wysheden**

Dy't syn hert iepenet foar de earsucht, slút it foar de rest.

Gjin better learnmaster as tsjinslach.

In grut man is hy, dy't syn bernehert net ferliest.

It is makliker kritysk te wêzen as korrekt.

Men is gjin frij minske as men jinsels net behearskje kin.

Sjocht men in deugd yn in oar, ferjit dan net om him ear te bewiizjen. Sjocht men in fout yn in oar, ûndersykje dan jins eigen hert.